



*JIERFERSLACH*

*SELSKIP*

*2 0 1 8*

[selskip1844@gmail.com](mailto:selskip1844@gmail.com)

## It Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse

De skiednis fan it Selskip giet tebek oant 1844. Trije grutte mannen as Harmen Sytstra, Tiede Roelofs Dykstra en Jacobus van Loon wiene fan betinken dat de Friezen bêst foar har eigen taal útkomme meie. Yn earsten wiene der fiif doelen: - it skriuwen fan Fryske stikken, - it útjaan fan Fryske stikken, - it hâlden fan foarlêzingen, - it oanlizzen fan in boekesamling en - it belizzen fan kritegearkomsten (as it Selskip grutter wurde soe).

It Selskip hoedet it rike ferline troch de soarch foar de earestienten en grêven.

Hjoed-de-dei wurdt de doelstelling fan it Selskip û.o. helle middels it organisearjen fan it Provinsjaal Projekt Foarlêzen yn it Frysk oan pjutten op pjutteboartersplakken, bernedeiferbliuwen en by gastâlders. East- en West Stellingwerf en it Bildt dogge ek mei, hja lêze foar yn harren eigen talen. Fierders is der omtinken foar it Kloasters en it Hylpers.

De Fryske Foarlêswike is hâlden fan 4 oant en mei 8 juny, foar de 16<sup>de</sup> kear is foarlêzen oan sa'n 12.500 pjutten.

Ek de Kritten dogge alle war de Fryske taal en kultuer fuort te sterkjen. Dat bart op ferskate wizen. Aktyf en passyf genietsje fan Frysktalich toaniel, kabaret, Fryske trûbadours, artysten en Fryske skriuwers. Mar ek stúdzje meitsje fan de Fryske taal en skiednis of sprekkers dêroer oanharkje. Yn de rin fan 2018 hat Krite Hearrenfean it lidmaatskip fan it Selskip opsein.

Nei it ferstjerren fan ûs skriuwer Kees Kuipers op 22 desimber 2017 hat it Bestjoer Selskip de tried wer oppakt. It archief fan Kees is oerdroegen en neisjoen, it tydlik skriuwerskip is ûnderbrocht by Alie Douma. Ek de ynformaasje by de Keamer fan Keaphannel is aktualisearre.

Jierliks fersoargt it Selskip it Winterprogramma mei in oersicht fan aktiviteiten fan de kritten.

In punt fan grutte soarch is de tebek rinnende ynkomsten fan it Selskip, wêrtroch de takomst fan it Selskip ûnwis is.

Bestjoer Selskip

## It Haadbestjoer

Op 1 jannewaris 2018 wie it haadbestjoer fan it Selskip 1844 sa gearstald:

Foarsitter: Hear A.W. Wijbenga, Foarwei 1, 9294 KC Aldwâld  
0511 - 431207

Tydlik skriuwer: Mefrou A.M. Douma, Tsjerkebuert 11, 8805 TH Hitzum  
0517 - 452744

Skathâlder: Hear A.W. Wijbenga, Foarwei 1, 9294 KC Aldwâld  
0511 - 431207

Lid: Mefrou Cl. van der Sluis – Ytsma, Gauke Boelensstrjitte 91,  
9203 RK Drachten, 0512 – 510424

Lid: Mefrou G. Beenen, Wâldsingel 63A, 8443 DL It Hearrenfean,  
0513 – 631031

Administrateur: Mefrou T.v/d. Woude – v/d. Schaaf, Moezel 222, 9204 EM Drachten,  
0512-510836

Korresp.: Tsjerkebuert 11, 8805 TH Hitsum  
e-post: [selskip1844@gmail.com](mailto:selskip1844@gmail.com)

It Selskip stiet ynskreaun by de Kamer van Koophandel  
RSIN 8148.13.653

## Fertsjintwurdiging Selskip yn:

### IFAT

Hear A.W. Wijbenga, Foarwei 1, 9294 KC Aldwâld

0511-431207

Fakatuere

## Ried fan de Fryske Beweging

Hear A.W. Wijbenga, Foarwei 1, 9294 KC Aldwâld

0511-431207

Fakatuere

## Kommisje Foarlêzen Selskip

Dizze Kommisje is yn it libben roppen troch it Selskip.

Leden:

Mefrou G.J. Frieswijk (foarsitter), Mûneleane 26,

8454 KJ Mildaam

0513-632989

Mefrou T. van der Woude – van der Schaaf, Moezel 222,

9204 EM Drachten

0512 – 510836

Joukjen van den Berg, Wolsumerwei 1,

8774 PL Wolsum

0515 - 579395

## Gearwurkingsferbân

It Selskip hat in gearwurkingsferbân mei it Frysk Boun om Utens. Alle nijs en ynformaasje wurdt op de hiemside set fan it Boun:

[www.fryskbutenfryslan.frl](http://www.fryskbutenfryslan.frl)

Op de side fan it Selskip stiet de folgjende ynformaasje:

1. Wat is en docht it Selskip
2. Winterprogram
3. Jierferslach

De hiemside fan It Frysk Boun om Utens wurdt regelmjittich aktualisearre.

It Selskip stipet de Ried fan de Fryske Beweging. Algemiene ynformaasje oer it Selskip wurdt set op de side fan de Ried:

[Ried fan de Fryske Beweging](#)

## Adressen deistich bestjoer oansletten Kritten

1 januaris 2018

### Foarsitter

### Skriuwer

### Skathâlder

1.

#### Krite "Drachten"

De hear J. Veenstra  
Bruinslotstrjitte 63  
9203 RZ Drachten  
till.: 0512 – 522190

Fakatuere  
wurdt waarnommen troch  
de foarsitter (= tydlik)

Mefrou A. Annema-Annema  
Sydwende 72  
9204 KG Drachten  
till.: 0512 - 517079

2.

#### Krite "Easterwâlde"

De hear H.J. Weijer  
Van Emstplein 25  
8426 BX Appelskea  
till.: 0516-426473

Mefrou Tr. Van Berkum – de Boer  
de Muijnhorn 14  
8431 BJ Easterwâlde  
till.: 0516 – 850186

De hear J. Kort  
Leegemaad 3  
8431 TS Easterwâlde  
till.: 0516 – 520018

3.

#### Krite "Hearrenfean"

De hear Albert van der Wal  
Kempenaerssingel 8-22  
8442 LZ Heerenveen  
till.: 0513-435818

Mefrou H. Oosterbaan-van den Brink  
Tolhúswei 7  
8443 DT It Hearrenfean  
till.: Tel. 0513-631585

De hear A. Bakker  
Tjepkemastrjitte 33  
8441 CD It Hearrenfean  
till.: 0513 – 628346

4.

#### Krite "Trynwâlden"

Mefrou J. Anema  
Keatsjemuoivei 27  
9063 JJ Mûnein  
till.: 058 – 2562376

Mefrou H. de Roos  
Staniasingel 29  
9062 GL Oentsjerk  
till.: 058 – 2563971

De hear U. Bakker  
Sanjesreed 1  
9062 EK Oentsjerk  
till.: 058 – 2562914

## Op de Algemiene Gearkomste fan 18 april 2018 yn de Koningshof yn Hearrenfean

- Mefrou Beenen is waarnimmend foarsitter yn ferbân mei de sûnens fan ûs foarsitter de hear Wijbenga, dy't gelokkich wol bywêzich is.
- Yn ferbân mei it ferstjerren fan ûs tige wurdearre skriuwer Kees Kuipers wurdt in momint fan stilte yn acht nommen.
- Mefrou Beenen bringt ûnder de oandacht dat sy ôfrûne sneon by it 95 jierrich bestean fan it Frysk Boun om Utens yn Ljouwert wie. Dêr wienen in protte Kriten en kunde.
- De rekkenopnimmers de hear J. Kort fan de Krite Easterwâlde en de hear A. Bakker fan de Krite Hearrenfean binne by mefrou T. van der Woude oan hûs west en ha de boeken neisjoen en goedkard. De kontroleurs ha dêrfoar tekene. Spitigernôch binne se net oanwêzich en sadwaande kin der fierder net in taljochting jûn wurde. Mefrou A. Annema fan Krite Drachten wurdt frege troch de hear D. Wijbenga yn ferbân mei it rekkenopnimmerskip fan folgjend jier. Ek de hear Bakker fan Krite Hearrenfean wurdt wer frege foar folgjend jier. De hear K. Krist sil dêrfoar soargje.
- Us administrateur, mefrou Tineke van der Woude, jout oan dat ek dit jier mei in tekoart ôfslûten is. De ynkkomsten rinne tebek: minder kriteleden, de rinte is neat en ek de ynkkomsten fan it Anjerfonds binne der net mear. De útjeften wurde sa lyts mooglik hâlden, mar der binne kosten lykas dy fan gearkomsten, reiskosten, administraasjekosten en in blomke sa no en dan. Ek de grêven bringe fêste lesten mei. De jierrekken is goedkard troch de rekkenopnimmers. De subsydzje foar it Foarlêsprjekt is subsydzje foar dat projekt. Yn de begrutting fan 2019 is in tekoart opnaam fan € 300,-- . De begrutting wurdt goedkard.
- Yn 2017 is foar de 15de kear it Foarlêsprjekt organisearre en alles is wer goed ferrûn. It giet om it Provinsjaal Projekt lêzen en foarlêzen oan pjutten op pjutteboartersplakken, bernedeiferbliuwen en by gastâlders. It giet no om 12500 pjutten en 550 foarlêzers. It sukses komt troch de organisaasje mei kontaktpersoanen, dy't aktyf binne yn gemeenten en wurkgebieten. Net allinnich omtinken foar it Frysk, mar ek foar it Bildts en Stellingwarfs. Boppeslach wie dit jier de publisiteit mei in útstjoering fan it ynpakken yn Hea, mar ek in radiopetear op de Omrop. Yn de gearwurking mei de Afûk wie in protte wikseling, dat wie foar de Kommisje net altyd ienfâldich: it frege in protte tiid om minsken wer yn te wurkjen. Mefrou Beenen wiist op it Ferslach fan de Foarlêswike 2017 dat oan it deistich bestjoer fan de Kriten tastjoerd is. Sawol Mefrou Frieswijk en mefrou van der Woude dogge in protte wurk foar de Fryske Foarlêswike. Mefrou Alie Douma sit net mear yn de Kommisje Foarlêzen, mar is opfolge troch in nij lid, mefrou Joukjen van der Berg.
- Alie Douma docht it skriuwwurk oant it nije jier ta, sy is fan betinken dat it wurk fan skriuwer fan it Selskip it bêste dien wurde kin troch ien dy't sawol geef Frysk praat en skriuwt. It bestjoer siket in nije skriuwer. De foarsitter freget oft der ien fan de Kriten is dy it dwaan wol. De oanwêzigen binne fan betinken dat in nije skriuwer net ienfâldich te finen is. It wurk fan Alie wurdt wurdearre en de hear Weijer wol helpe as korrektor.
- De hear Weijer is fan betinken dat it moai wêze soe as it Selskip ek wat dwaan kin om it foarlêzen foar de âlderein yn bygelyks ferpleechhûzen/âldereinhûzen te befoarderjen. In grut projekt derby kin it Selskip eins net oan.

- Nei it skoft komt de hear Lammert Mink út Sint Jânsgea fan it Frysk Muziekmuseum oan it wurd. Hy fertelt ús oer âlde Fryske blêdmuzyk. Hy nimt syn lûkharmoanika mei en spilet foar ús. Wy hearre in protte oer de Fryske muzykskiednis!

Sjoch fierder it ferslach fan dizze Algemiene Gearkomste.



## Bestjoersgearkomsten fan it Selskip

Der binne bestjoersgearkomsten west op 26 jannewaris, 23 maart en 28 septimber. De gearkomsten wiene wer by de bestjoersleden oan hûs. De bestjoerders koene wer in berop dwaan op de adviseurs: Geeske J. Frieswijk en Tineke van der Woude – van der Schaaf.

Us administrateur Tineke van der Woude – van der Schaaf ferdútst de finansjele sitewaasje fan it Selskip.

Punten fan besprek op de bestjoersgearkomste wiene:

- Winterprogramma Fryske Krite
- Fuortgong en evaluaasje Projekt Foarlêzen:  
De Fryske Foarlêswike bliuwt in súkses. De Kommisje is frege troch de Provinsje om it Projekt ek nei de Basiskoallen út te breidzjen. Ek Lân fan Taal hat in berop dien op de Kommisje Foarlêzen. De Kommisje hat de hânnen fol oan it organisearjen fan it Foarlêzprojekt en de foarsitter hat hjir bytiden in deitaak oan.
- It oarderje fan it argief Selskip yn ferbân mei oerdracht oan Tresoar
- Sykje nei in 1e skriuwer foar it bestjoer Selskip
- Kontakten mei de Keamer fan Koophannel oer bestjoersleden en ynformaasje Selskip
- Kontakten mei redaksje Bûsboekje oer ynformaasje Selskip yn Bûsboekje
- De grêven, útsykje hoe it sit, eigener, ferplichtings
- Betsjutting Selskip foar de Fryske Krite
- Brief Krite Hearrenfean opsizzen lidmaatskip Selskip
- Relaasje Selskip en Fryske Krite
- It Selskip hat de ANBI status, dit betsjut: op in legaat hoecht gjin belesting betelle te wurden. Sjoch op de hiemside fan it Frysk Boun om Utens
- Oersjoch besite Krite
- Regelje Algemiene Gearkomste Krite Hearrenfean
- Jierferslach / Jierrekken en tekoart begrutting Selskip /Begrutting kommende jier
- Friezedei / STAFFEEST: 100 JIER / Wat ús Bynt

## Wurk en aktiviteiten fan it Selskip

### Provinsjaal projekt: foarlêzen yn it Frysk ( en oare talen ) oan pjutten

#### Organisaasjes / gearwurking

It 'Provinsjaal projekt foarlêzen oan pjutten' is in gearwurkingsprojekt fan it Selskip fan Fryske Tael en Skriftekennisse en Afûk / Tomke-wurkgroep.

**It Selskip** hat as doel 'it fuortsterkjen fan de Fryske taal en kultuer yn al syn fasetten'.

**De Tomke-wurkgroep** hâldt him û.o. dwaande mei in lêse- en taalbefoarderings- projekt foar jonge bern. De Tomke-wurkgroep fersoarget de materialen dy't brûkt wurde yn it foarlêseprojekt.

#### Doel – de Fryske Foarlêswike

Doel fan it gearwurkingsprojekt is om jierliks yn **de Fryske Foarlêswike** foar te lêzen oan pjutten (2–4 jier) op pjutteboartersplakken, bernedeiferbliuwen en by gastâlders yn Fryslân, om sa it aktyf brûken fan de Fryske taal te befoarderjen en it lêzen en foarlêzen yn de Fryske taal te stimulearjen.

East- en West Stellingwerf en it Bildt dogge ek mei, hja lêze foar yn harren eigen talen. Fierders is der omtinken foar it Kloasters en it Hylpers.

**De Fryske Foarlêswike is altyd de earste folle wike fan juny.**

#### Organisaasje / Utfiering Kommisje

Foar de organisaasje / útfiering hat bestjoer Selskip in Kommisje ynsteld. De Kommisje Foarlêzen bestiet út trije persoanen en hat as taak de organisaasje / útfiering fan it Foarlêseprojekt fia in netwurk fan 50 kontaktpersoanen. De kontaktpersoanen soargje foar de organisaasje / útfiering yn harren gemeente / wurkgebiet.

#### Wurkgroep

De Kommisje fan it Selskip hat mei fertsjintwurdigers fan Afûk / Tomke - wurkgroep in mienskiplik oerlis ynsteld: ek wer in wurkgroep.

Hja besykje mienskiplik sa praktysk mooglik te wurkjen: it doel is dúdlik en it wurkjen der nei ta is in útdaging om dat praktysk, helder, doelmjittich en ek mei de kontaktpersoanen foarm te jaan en út te fieren.

De útfiering fan it foarlêseprojekt draait folslein mei frijwilligers.

Afûk helpt it foarlêseprojekt mei ynhâldlike stipe en foarmjouwing, printwurk en administraasje.

#### Gemeenten / wurkgebieten

De Fryske Foarlêswike wurdt útfierd yn alle Fryske gemeenten, mei wurkgebieten yn Súdwest Fryslân (5), de Fryske Marren (3), Waadhoeke (3) en fierders binne Boarnsterhim, Littenseradiel en Ljouwerteradiel wurkgebieten.

### Resultaat 2017 / 2018 - Gearfetting fan Ferlach Fryske Foarlêswike 2018

De Foarlêswike is hâlden fan 4 oant en mei 8 juny, foar de 16<sup>de</sup> kear is foarlêzen oan pjutten.

## **Gearstalling Kommisje / Provinsjale Wurkgroep – leden**

Fan de Kommisje Foarlêzen fan it Selskip: Tineke van der Woude, Joukjen van den Berg en Geeske Frieswijk. Alie Douma hat nei 6 jier ôfskie naam fan de Kommisje.  
Fan Afûk / Tomke-wurkgroep: Hieke Rienstra en Tjitske van Dijk.

## **Kontaktpersoanen**

Neffens list febrewaris 2018 soargen 51 kontaktpersoanen foar de organisaasje yn harren gemeente / wurkgebiet.

## **Materialen**

Tomke – boekjes: 18.000 Fryske, 1.000 Stellingwerfse en 600 Bildtse.

En fierders û.o. Tomke TV posters, Posters Selskip: foarlêzen, wêr en wannear, A4 Selskip, attinsjes Foarlêzers, Foarlêstips, list oersjoch materialen en begeliedende brieven foar de Kontaktpersoanen.

## **Lokaasjes**

Pjutteboartersplakken (246) en Bernedeiferbliuwen (126) = meielkoar 372  
Gastâlders yn 2018 = 384

## **It Foarlêzen**

Der is troch in 600 foarlêzers en 384 gastâlders foarlêzen  
Groepen: der is foarlêzen yn 823 groepen en bij 384 gastâlders  
Pjuten 12.500, dit oantal is de lêste jierren frij konstant.  
It oantal is ynklusyf in 500 ukken yn de Stellingwerven.

## **Grutsk**

### **Bestjoer Selskip is tige grutsk op it wurk fan Kommisje en Kontaktpersoanen.**

Troch it Provinsiaal Projekt Foarlêzen yn it Frysk oan pjuten is oeral yn Fryslân, yn de stêden en yn de doarpen, oeral hat it Selskip op 'e nij har woartels en sa docht it Selskip noch altyd dat wat hja wichtich fûnen by de oprjochting yn 1844, nammentlik it stypjen fan de Fryske taal en it Frysk eigene.

**It folsleine Ferslach Fryske Foarlêswike 2018 is op te freegjen by de**

**de skriuwer fan it Selskip: [selskip1844@gmail.com](mailto:selskip1844@gmail.com)**

## Earestienten, grefteikens, grefsarken en grêven

**Tinkboek: “In folk, dat syn greate mannen net earet, is se net wurdich”.**

### **Hoe komt it dat it Selskip behelle is by Earestienten, Grêfteikens, Grêfsarken en Grêven?**

De skiednis fan ien en oar is wêrom te finen yn it **TINKBOEK** fan it “Hûndertjierrich bistan fan it Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse” 1844 – 1944.

“It Selskip kent in lange en rike histoarje, mei gâns wichtige mannen yn it bestjoer, dy en safolle oare dy sa’n protte foar de Fryske tael dien hawwe, binne wurdich nea forgotten to wurden. “

### **It Tinkboek sels stelt de fraach en jout it antwurd:**

“Hwat hat dochs de reden west, dat it Selskip foar Fryske tael der ta oergien is om in eareblyk foar harren op te rjuchtsjen?” En dat andert kin dan net oars wêze as: “It oprjuchtsjen fan dizze tinkstiennen hat útslutend ta’n doel hawn ús âlde sprake to earjen en de âlde fryske beam nije soppen ta to foegjen. En dat ús earestiennen der jit in lange rige fan jierren fan tsjûgje sille hoe’t it Fryske Selskip syn greate mannen earet”.

It Selskip hat “op eigen manneboete of yn ‘e mande mei oaren “ oprjochte:

1. Earestiennen ( Earestienten )
2. Grêfteikens ( Grêfteikens )
3. Grêfsarken en
4. Grêven yn eigendom en/of yn ûnderhâld.

Wa wiene dy grutte mannen en wat wie harren betsjutting foar de Fryske taal en it Selskip.

### **1. Earestiennen**

1. De stiennen ( kopstikken ) yn ‘e gevel fan it bertehûs fan de bruorren Halbertsma te Grou. Foar dr. Eeltsje Hiddes Halbertsma yn 1875 en dûmny Joast Hiddes Halbertsma (1e Earelid fan it Selskip) yn 1879, Frysk skriuwers en dichters. It eigendom fan de stiennen is oergien oan it Ryk.

2. It dr. Eeltsje Hiddes Halbertsma byld te Grou yn 1904. Yn 1995 is de soarch foar it byld by de gemeente Boarnsterhim lein.

3. De gevelstien yn it bertehûs fan Gysbert Japiks te Boalsert yn 1908, grutste Fryske dichter: “in berch yn it leechlân”. It Selskip hat de stien yn ûnderhâld.

4. De Waling Dykstra tinkstien te Ljouwert yn 1916, Frysk folksskriuwer en dichter, foarsitter en Earefoarsitter fan it Selskip, einredakteur earste folsleine Fryske Wurdboek – trije dielen. It eigendom waard oan it stêdsbestjoer fan Ljouwert oerdroegen.

5. It Piter Jelles Troelstra earestiente te Stiens yn 1933, Frysk dichter. It earestiente is oerdroegen oan de gemeente Ljouwerteradiel.

## 2. Grêftekens en 3. Grêfsarken

Der is ûnderskie makke tusken grêftekens en grêfsarken. De earste binne oprjochte fan it Selskip, dat der foar soarge hat, dat de ferstoarne ek fan de neiteam net fergetten wurde soe; de twadde binne oprjochte fan de famylje fan de ferstoarne en letter troch it Selskip oernommen.

De grêftekens oprjochte troch it Selskip binne:

1. It earestiente op it grêf fan Gerben Piters Colmjon te Ljouwert yn 1885, skriuwer en samler fan it Selskip
2. It earestiente op it grêf fan Jacobus van Loon Janssoan te Wommels yn 1907, Frysk skriuwer, mei oprjochter fan it Selskip, skriuwer, foarsitter ( 34 jier ) en Eare-foarsitter
3. It earestiente op it grêf fan Tsjibbe Gearts van der Meulen te Burgum yn 1907, Frysk folksskriuwer en dichter, Earelid fan it Selskip

De grêfsarken dy't eigendom fan it Selskip binne, moat men sykje op de tsjerkhôven te:

4. Baard, op it grêf fan Harmen S. Sytstra yn 1862, Frysk skriuwer, dichter en mei oprjochter fan it Selskip
5. Readuzum, op it grêf fan Alle Jans Smeding yn 1902, Frysk skriuwer, ien fan de âldste en foarste leden, Earelid en skathâlder ( 29 jier ) fan it Selskip
6. Hallum, op it grêf fan Meindert Rozenga yn 1928, Frysk skriuwer / strider
7. Ryptsjerk, op it grêf fan Auke Boonemmer yn 1937 , Frysk skriuwer

Tinkteken Tsjearld Velstra, te Jelsum yn 1919, Fryske toanielskriuwer  
( tinkteken yn 'e mande mei it Ljouwerter toanielselskip ).

## 4. Grêven

It Selskip hat it eigendom en/of it ûnderhâld fan de grêven te:

1. Baard, fan Harmen S. Sytstra
2. Hallum fan Meindert Rozenga,
3. Ryptsjerk fan Auke Boonemmer
4. Burgum fan Tsjibbe Gearts van der Meulen
5. Burgum mefrou Grietje Peereboom, widdow fan Tsjibbe Gearts

Yn 2004 is it Selskipbestjoer by alle earestiennen en grêven lâns west om ris te sjen hoe alles der hinne leit. Fan dizze tocht is ferslach makke: Ferslach fan de Ynspeksjetocht op 18 maaie 2004.

Binne jo fierder ynteressearre dan kinne jo in wiidweidich ferslach fan de Ynspeksjetocht opfreegje by de skriuwer fan it Selskip.

Yn 2013 is it grêf fan Meindert Rozenga yn Hallum opkreeze.

Yn 2015 is de tinkstien fan Halbertsma te Grou opkreeze troch de gemeente Ljouwert.

Ek de stien fan Gerben Colmjon op de âlde begraafplaats oan de Spanjaardsleane sjocht der no better út.

Yn 2016 is in bestjoerslid fan it Selskip by alle earestiennen en grêven lâns west om ris te sjen hoe alles der no hinne leit. De foto's binne ferwurke yn in powerpoint presentaasje mei ynformaasje oer de betsjutting fan dizze grutte persoanen. **De powerpoint is op te freegjen by de skriuwer fan it Selskip.**

Yn 2018 hat in bestjoerslid fan it Selskip útsocht wa de kontaktpersoanen binne foar fjouwer grêven en de ferplichtingen yn de takomst. It giet om de folgjende grêven:

Kontaktpersoan yn Baard yn ferbân mei de grêfstien fan Harmen S. Sytstra  
Tsjerkfâdij Baard  
De hear J.J. Pijlman  
Dekemawei 8  
8834 XB Baard

Kontaktpersoan yn Hallum yn ferbân mei de grêfstien fan Meindert Rozenga  
Nederlânsk Herfoarme Tsjerke Hallum  
De hear T.H.J. Hoogenbrug  
Beïerdigingsplak Mariëngaarde  
De Pream 20  
9047 DL Hallum

Kontaktpersoan yn Ryptsjerk yn ferbân mei de grêfstien fan Auke Boonemmer  
Berêder en administrateur beïerdigingsplak Ryptsjerk  
De hear Jetze Dijkstra  
Tsjerkelânsreed 48  
9256 HL Ryptsjerk  
Siktariaat fan it Kolleezje fan Rintmasters PKN Ryptsjerk  
De hear Rein Smilde  
Binnendyk 55  
9256 HL Ryptsjerk

Kontaktpersoan yn Burgum yn ferban mei de grêfstien fan Tsjibbe Gearts van der Meulen en G. Peereboom  
Tsjerkfadij Burgum  
De hear E. Wiersma  
Botte Jaerlastrjitte 6  
9251 BJ Burgum  
Begraafplaatskruiskerk@gmail.com

## Kontakten nei bûten ta

Yn it jier 2018 hat it Selskip mei in tal organisaasjes in petear hân oer gearwurking en it oanheljen fan de bân. Kontakten wiene der mei:

- I F A T ( It Frysk Amateur Toaniel )  
ûnder oaren oer de jierlikse bydrage foar it Projekt Foarlêzen oan pjutten
- A F U K ( Algemiene Fryske Underrjocht Kommisje )  
ûnder oaren it gearwurkingsprojekt Foarlêzen oan pjutten
- FRYSK BOUN OM UTENS  
ûnder oaren oer gearwurking, jildsaken en de hiemside.
- TRESOAR  
bywurkje argyf fan it Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse
- REDAKSJE IT BUSBOEKJE  
bywurkje ynformaasje oer Selskip yn it Bûsboekje
- KEAMER FAN KOOPHANNEL  
bywurkje ynformaasje Selskip

## Slot

Oan de ein fan dit jierferslach sprekt it haadbestjoer fan it Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse har tank en wurdearing út oan Kommisjes / wurkgroepen, krite en alle persoanen dy't der foar soarge hawwe, dat it wurk fan it Selskip yn har 174ste besteansjier fuortgong fine koe.

Hitzum, Febrewaris 2019

A.W. Wijbenga, foarsitter

A. Douma, twadde skriuwer



## Bylage 1 Berjochtjouwing oan de oansletten Kritten

### *Berjochtjouwing oan de oansletten Kritten:*

17/01	25 jannewaris	Krite bestjoeren	Ferslach Fryske Foarlêswike
17/02	6 april	Krite Easterwâlde / Tryntsje v. Berkum	Wol gearkomste stikken foar de AG Selskip graach ûntfange.
17/03	10 april	Kritebestjoeren	Gearkomste stikken foar Algemiene Gearkomste fan Selskip te Easterwâlde
17/03	13 augustus	Krite bestjoer Drachten / Anneke Annema	Oantrún om nije Winterprogram 2017 – 2018 oan te leverjen
17/05	13 augustus	Krite bestjoer Trynwâlden / Hedwig de Roos	Oantrún om nije Winterprogram 2017 – 2018 oan te leverjen
17/06	13 augustus	Krite bestjoer Hearrenfean / Auke Bakker	Oantrún om nije Winterprogram 2017 – 2018 oan te leverjen





## Bylage 2 Skema Op besite by de Krite by Winterprogramma 2017 – 2018

Krite 2017/2018							Fertsjintwurdiging	
Moanne	Septimber	Oktober	Novimber	Jannewaris	Febrewaris	Maart	April	
<b>Easterwâlde</b>	22 Boekeljûn	20 Kabaret	24 Binnefeart	20 AG ITE	23 Blikstieder	23 Toanieljûn	? Reiske	Dries + Kees
<b>Hearrenfean</b>		20 Blikstieder	23 Kulturele middei	5 Nijjiersmiel Troubadour Adri de Boer	14 Kofjemoarn Bouke Oldenhof	16 Toanieljûn	12 AG Kofjetafel	Dries + Kees
<b>Trynwâlden</b>		17 AG Rinse de Vries Spitsbergen	19 Kofjemoarn Johanneke Liemburg	14 Nijjiersslokje Bennie Huisman		11 Inez Timmer	22 Frjemd Folk + Vrouwen van Nu	Alie + Geeske
<b>Drachten</b>		25 Jiergearkomste / Gurbe Douwstra	21 Gurben Freonen			20 Frysk toaniel	7 ITE en Inez Timmer / Peter van der Zwaag	

## Bylage 3 Skema op besite by de Krite by Winterprogramma 2018-2019

Krite	septimber	oktober	novimber	jannewaris	febrewaris	maart	april	Fertsjinwurding Bestjoer Selskip
<b>Drachten</b>		24 JIERGEAR-KOMSTE Tiid: 19.30 - 20.00 oere allinnich foar leden. 20.00 oere ek tagong foar net-leden. : dhr. WIM ANKER strafmjocht-advokaat by Anker&Anker.	20 ???	25 Kabaret-selskip NOORDEN-BOS & KO út Ferwert	10 Toanielferiening ÚS NOCHT bestiet 85 jier en spilet it stik: "Útblaasd!"	19 Frysk Toaniel. Oer it stik is noch neat bekend. Jo hearre der noch fan yn jannewaris 2019.	13 "Ite mei de Krite" en dêrnei komme foar ús sjongen en spyljen: BAUKE & CAMPBELL.	Geeske
<b>Easterwâlde</b>	27 Boeke jûn: Mart-sje de Jong en Har-men Hout-man	26 Sterke Froulju mei Opstigens	23 Bouke van der Woude / Campbell Forbes Sjongen/sketsen	12 70 ierig Jubileum Krite A.G. Ite en Gurbe Douwstra	? Toanieljûn	29 Huite Zonderland Oer turngesin en broer Epke	26 Reiske	Dries Geeske Claartje
<b>Hearrenfean</b>		12 Kabaretjûn Hymphamp	15 Kulturele middei mei Douwe Kooistra.	4 Nijersmiel mei dêrnei it muzikale Duo Weima en Van der Werf. € 23,00 p.p.	14 Kofjemoarn mei Bouke Oldenhof en Bennie Huisman sang	15 Toanieljûn Dûnse Muzyk De Nije Knipers € 5,00	11 A.G. Kofjetafel	
<b>Trynwâlden</b>		11 Jiergearkomste Foardracht Fokke Meirink Wurk adviseur yn é grienteteelt yn de eardere USSR	18 Muzikaal optreden fan Sytse Haima	13 Noflik Nijers-slokje mei muzikale bydrage fan eigen minsken fan 'e Krite.		10 Middei mei ferteller Gjalt de Groot en de trije froulju fan Triofantelijk	21 In muzikale middei mei Bennie Huisman	Alie

## Bylage 4

<b>Selskip Balâns op 31 desimber 2017</b>				
<b>Aktiva</b>	-		<b>Passiva</b>	-
Bank	€ 4.161,87		Foarlêsprjekt(noch betelje)	€ 1.681,66
Rinte 2017 noch te ûntf.	€ 0,58		Reisk. Bestjoer noch betelje	€ 300,00
Subs. IFAT 2017 noch te ûntf.	€ 1.700,00		Kaptaal	€ 3.880,79
	-			-
	-			-
<b>Totaal</b>	<b>€ 5.862,45</b>		<b>Totaal</b>	<b>€ 5.862,45</b>

<b>Selskip Balâns op 31 desimber 2018</b>				
<b>Aktiva</b>	-		<b>Passiva</b>	-
Bank	€ 3.056,25		Foarlêsprjekt(noch betelje)	€ 1.400,00
Rinte 2018 noch te ûntf.	€ 0,68		Reisk. Bestjoer noch betelje	€ 207,25
Subs. IFAT 2018 noch te ûntf.	€ 1.700,00		Kaptaal	€ 3.149,68
	-			-
	-			-
<b>Totaal</b>	<b>€ 4.756,93</b>		<b>Totaal</b>	<b>€ 4.756,93</b>

<b>It saldo op de rekken Jubileumfûns op 31-12-2018</b>	<b>€ 742,90</b>
---	-----------------

Aldwâld, april 2019

Ut namme fan it bestjoer,

A.W.Wijbenga, foarsitter

A.Douma, wnd.skriuwer

Opmakke troch:

C.J.van der Woude-van der Schaaf, adm.

## Bylage 5

<b>Selskip Eksploitaasjerekken 2018</b>		
	<b>Baten</b>	<b>Lêsten</b>
Ynlagen Kritten	€ 570,00	
Rinte sparrekken	€ 0,68	
Subsydzje Provinsje Fryslân	€ 7.500,00	
Subsydzje Gem. Ljouwert	€ 3.000,00	
Subsydzje IFAT	€ 2.009,62	
Burokosten		€ 260,04
Kosten Gearkomsten		€ 235,46
Reiskosten Bestjoer		€ 254,50
Grêfrjochten		€ 82,50
Ferskaat		€ 503,39
Foarlêsprojekt		€ 12.475,52
Eksploitaasje tekoart	€ 731,11	
	<b>€ 13.811,41</b>	<b>€ 13.811,41</b>
Kaptaal op 1 jannewaris 2018	€ 3.880,79	
Eksploitaasje tekoart		€ 731,11
Kaptaal 31 desimber 2018	<b>€ 3.149,68</b>	

Aldwâld, april 2019

Ut namme fan it bestjoer,

A.W.Wijbenga, foarsitter

A.Douma, wnd.skriuwer

Opmakke troch:

C.J.van der Woude-van der Schaaf, adm.

## Bylage 6

### Taljochting op Balâns en Eksploitaasjerekken Selskip oer 2018

#### Balâns 31 desimber 2018

Op de Balâns is foar it Foarlêsprjekt € 1400,00 as noch te beteljen opnaam, fanwege trochritten yn it oare jier en in rekken foar it jierferslach fan it Foarlêsprjekt.  
It eksploitaasjetekoart is ten leste fan it kaptael boekt.

#### Eksploitaasjerekken 31 desimber 2018

It werom rinnen fan it ledental fan de Kritten is en bliuwt in punt fan soarch.  
De rinte fan de bank sawat nul.  
In part fan de kosten fan BSF en bankkosten binne betelle út it Faoarlêsprjekt.  
It Selskip krijt gjin subsydzje, de subsydzje fan IFAT is earmerke foar it Foarlêsprjekt.  
Troch it ferstjerren fan Kees Kuipers ha wy advertinsje kosten hawn.

It Foarlêsprjekt wie dit jier lyk as oare jierren wer in grut sukses en giet it kommende jier ek wer troch.

In koart oersicht stiet yn dit jierferslach

De Kommisje Foarlêzen is sa as wenst al wer drok dwaande foar it kommende jier.

<u>Kritten ynlage</u>	<u>2007</u>	<u>2008</u>	<u>2009</u>	<u>2010</u>	<u>2011</u>	<u>2012</u>	<u>2013</u>	<u>2014</u>	<u>2015</u>	<u>2016</u>	<u>2017</u>	<u>2018</u>
Ljouwert		82	82	62	54	50	90	0	0	0	0	0
Easterwâlde	193	191	191	180	179	174	176	186	170	170	148	136
It Hearrenfean	265	240	242	248	250	270	270	250	250	250	220	175
De Lemmer	185	180	180	174	151	151	142	136	132	0	0	0
Trynwâlden	185	182	180	182	171	168	167	174	175	163	155	144
Drachten	80	198	189	174	153	150	150	140	130	130	125	115
	<b>1108</b>	<b>1073</b>	<b>1064</b>	<b>1020</b>	<b>958</b>	<b>963</b>	<b>995</b>	<b>886</b>	<b>857</b>	<b>713</b>	<b>648</b>	<b>570</b>

Aldwâld, april 2019

Ut namme fan it bestjoer,

A.W.Wijbenga, foarsitter

A.Douma, wnd.skriuwer

Opmakke troch:

C.J.van der Woude-van der Schaaf, adm.